

Preek foar de Fryske soldaten, holden te Tilboarch op 5 oktober 1914 troch Sipke Huisman

‘Wachter, hoe let is it yn ’e nacht?’

De lêst fan Dûma.

Der wurdt roppen oan my út Seir:

Wachter, hoe let is it yn ’e nacht?

Wachter, hoe let is it yn ’e nacht?

De wachter sei: De ieremoarn is kaam
en noch is it nacht.

Ha jim wat te freegjen, freegje; kear
werom, kom. Jes. 21: 11,12.

Op skyldwacht stean by nacht en ûntiid is alles net, mar it is in eare. Want dy’t de wacht hat, hat it fertrouwen fan de oaren dy’t rêst nimme kinne. As in kloft soldaten nei in swiere mars yn fijannich lân him deawurch deljout, moat ien de wacht hâlde. En it wurdt him net fergund, mar lykwols is it in eare, want frijdom en libben fan syn kameraten binne him tabetroud.

As de frijdom fan it folk, de wolfeart fan it lân yn gefaar komme [...] ¹ ’e grinzen, in leger net fan âlden, om’t hja te âld, net fan jonges om’t hja te jong, net fan froulju om’t hja te swak binne, mar in leger fan jongfeinten en manlju yn ’e krêft fan har libben, sûn en sterk, rjocht fan liif en lea, mei klare koppen en helder ferstân - dan mei dy keninklike ropstimme mannichien alhiel oeral meitsje, dan mei men derom kleie en suchtsje, want wa soe der no bliid mei wêze, mar dit bliuwt derfan oer, dat it dochs in eare is, omdat de feilichheid fan kroan en troan, folk en faderlân, hûs en hiem oan dat leger tabetroud is.

Ja, op wacht stean foar it heitelân is in hege eare. Mar der is in eare dy’t noch heger is. En dat is wachter te wêzen yn it keninkryk fan God.

Sok in wachter wie Jesaia de profeet, en as sadanich wurdt er tasprutsen yn de bekende frage:

Wachter, hoe let is it yn ’e nacht?

Wachter wie Jesaia yn tsjinst net fan Hiskia, de kening út Davids hûs, mar fan God, de allerheechste Kening. Hy hie de wacht net foar de stoflike mar foar de geastlike dingen. Hy moast weitsje net oer de ierdske, mar oer ’e himelske skatten fan syn folk. Hy moast it folk bewarje by it wier gelove en by it fertrouwen op Jehova, de God fan syn âlden en foarâlden.

As der gefaar drige fan de Heare te ferlitten en frjemde goaden te tsjinjen, as it folk drige wei te sinken yn djippe kolken fan sûnde en kwea, as it yn oerdwealskens en frjemdsin him bejoech op ferkearde paden - Jesaia stie altyd op wacht om dertsjin te warskôgjen.

Hy wie de wachter op Sions muorren, en as oaren sliepten sleau en slûch op gjin gefaar betocht, trochsocht hy mei it each fan syn siele, skerp en klear de tsjusternis fan ’e nacht en wie hy aloan op syn hoede tsjin fijannen dy’t ûngemurken nei binnen slûpe woenen.

Sa hie de trouwe wachter it faak en dikmels swierdernoach. Want op wacht stean foar in folk, dat sels it gefaar sjocht en dêrom in wacht freget, dat is noch te dwaan. Sok wurk wurdt net mei ûntankberens beanne, mar fynt, wy sjogge it hjoeddedei, wurdearring by it gânske folk.

Mar op wacht te stean foar in folk dat sels faak blyn is foar it gefaar, en dat him mar rêstich deljout, ek as de fijân rûnom opsetten komt - sok wurk leannet net, it jout net ienris in wurd fan tank.

Lykwols, Jesaia wie in trouwe wachter, ek al wie syn folk in folk fan sliepers.

En dêroan lit in trouwe wachter him just kenne, dat er wacht hâldt, ek as oaren sliepe; dat er it gefaar sjocht, ek as oaren blyn binne; dat er warskôget, ek as oaren der net nei hearre wolle.

En yn safier stiet er dan ek as in foarbyld foar ús allegearre.

Syn foarbyld seit jimme: Wês trouwe wachters foar jim hege Lânfrou en it ryk fan Nederlân, mar noch folle mear foar jim Heare yn ’e himel en Syn himelsk keninkryk.

1 Yn ’e útjefte yn de sammelbondel *Ta in tinkstien* is hjir in rigel weiwurden.

En it komt der foar jimme yn dizze dagen op oan yn it nachtkertier en te fjilde en oeral dêr't jim geane en steane, as skyldwachten fan ús Oranjefoarstin, ek eagen en earen iepen te hâlden foar it gefaar dat jimme driicht as tsjinstfeinten fan kening Jezus.

Wacht te hâlden op 'e grinzen fan it Godsryk, it is net in lichte saak. Mei dat al stie Jesaia dochs oeral bekend as in wachter dêr't men op oan koe. Hy moast folle smeulsk praat hearre oer syn dwaan, mar der wienen ek lykas kening Hiskia en oaren dy't him graach lije mochten om syn ernstich wurd en syn djip ynsjoch yn 'e tiden en tastannen.

En net allinne Hiskia hold him yn eare as wachter foar God en syn tsjinst - mar der wienen ek ûnder de Heidenfolken bûten de grinzen soms guon, dy't wol ris witte woenen wat er sei fan 'e omstannichheden, dêr't men doe yn ferkearde.

Te minsten sa ferhellet de profeet sels it ús yn dizze wurden: 'Der wurdt oan my roppen út Seïr: 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht?'

Seïr lei oan 'e súdgrins fan Juda, en de ynwenners fan Seïr wienen Edomiten, Ezaus neiteam. En sjoch, no blykt de rop fan Jesaia as profeet sa fier gien te wêzen, dat men ek yn Seïr wol ris witte woe hoe't er tocht oer 'e tsjustere tiden fan doe.

Der wienen boaden ta him kaam út Seïr. Der wurdt, sa seit er sels, oan my roppen út Seïr: 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht?'

It is altyd in skoan ding as ûngeloof en heidendom mei harsels ferlegen reitsje en om ljocht yn 'e tsjusternis freegje by Gods profeten en de beliders fan syn Namme. Yn ús tiden komme wy dêr ek wat fan te sjen. Doe't it allegearre frede en wolfeart wie liet men de tsjerken leech en hie men Gods wurd net nedich. Mar no't it oarloch is rûnom en der in tsjusternis oer Europa leit as fan 'e nacht, rûnen de tsjerken wer fol, kaam der wer in freegjen nei God, waard Gods namme wer neamd yn blêden dy't oars der net nei taalden en God oeral bûten lieten. Der is no wer in freegjen: 'Sil God gau útkomst jaan? Och, Heare, hoe lang sil dit noch duorje? Wachter, hoe let is it yn 'e nacht? It antwurd, dat Jesaia hjirop jout, hjit de **lêst fan Dûma** - Dûma, in oare namme foar Edom - de lêst fan Dûma, dat is dan te sizzen safolle as de opdracht, it antwurd, dat er yn de Namme fan Jehova syn God meijoech oan dy frjemde boaden út it heidenske Seïr.

It wie **in benaude frage** dêr't hja mei kamen.

It wie **in treastleas antwurd** dat hja ûntfongen.

It wie **in wize ried** dy't hja deroerhinne krigen.

I. Foarearst in benaude frage wie it dêr't dy boaden út Seïr mei kamen: 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht?'

It wie doe, krekt as no yn ús tiden, nacht foar Seïr en oare lytse folken fier yn it rûn. De legers fan it grutte ryk fan Assur kamen opsetten en wâden alles plat wat lyts en neatich wie. Yn 'e striid tusken de machtige keninkriken Assur en Egypte moast in keninkryk as Edom fansels yn 'e knipe reitsje en like it wol dat der neat fan oerbliuwe soe.

Tsjuster stie it derfoar, ek mei Juda, it âlde Godsfolk, mar Jesaia hold de wacht op Sions muorren: as it folk him hâlde woe oan Jehova en syn trouferbûn, dan, sa spriek er, hie it kâns frij te bliuwen fan it jok dat Assur oplei oan safolle lytse folkjes, dan mocht it ferwachtsje, dat de Heare helpe soe. Mar de tsjusternis dy't oer it lytse Edom lei, wie noch folle slimmer. Foar Edom wie it neare nacht. Kâns om de frijdom te behâlden like der net mear te wêzen. Mei Edoms folksbestean rûn it nei de ein. Mar yn har benaudens freegje hja noch om ljocht by Jesaia, de profeet.

Dat wie fansels in tige fernedering; it heechmoedige Edom dat ljocht freget by in profeet fan Jehova, de God fan it ferachte Joadske folk. Om soks te dwaan moasten dy fregers earst lyts man wurde. Mar wat docht men net as men yn 'e benaudeheid sit? En de frage komt dan ek alhielendal as út in djipte fan benaudens op: 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht?'

En nochris: 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht?'

Hja woenen graach witte, oft der hast in ein oan har lijen kaam, oft der noch kâns bestie dat der gau feroaring komme soe, oft it noch mûglik wie, dat de frijdomssinne wer oer harren opgyng; en hoe lang dat noch duorje moast.

Sjedêr, de betsjutting fan dizze frage - en no, jim fersteane it al - dit is ek in frage foar ús tiden.

Hoe mannich kear is der al frege: 'Soe it noch lang duorje mei dy oarloch?' En de oarloch duorret noch mar in pear moanne. 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht, komt de dage hast oan 'e kime?' Mannichien dy't oars altyd grut man wie, is no lyts wurden.

Wize lju, dy't meastal út 'e hichte delseagen op it fromme folk, dat him oan 'e Bibel fêsthôld, freegje no wiersizzers en kaartlisters.

Grutte kantoaren foar wiersizzerij hawwe drok wurk.

En ja, dan binne der ek guon, dy't lykas de lju fan Seïr, boaden stjoerden nei Jesaia, ek op ûndersyk útgeane en sa temûk de Bibel al wer ris iepen dogge en oan dy âld Wachter freegje: 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht?'

En it is ek gjin wûnder sa'n frage, want it is ek tige tsjuster, it is ek oeral nacht.

It ljocht fan foarútgong en wolfeart, fan kennisse en wittenskip dêr't it minskdom sa grutsk op wie, liket wol alhiel ûndergien te wêzen yn tsjustere djipten fan haat en fijânskip, fan leed en illinde, fan moard en brân.

En dêrom komt it roppen net allinne út Seïr, mar it riist ek op út it herte fan Gods folk:

'Ut djipten, leed en smerten,
Dêr't 'k rêd omlegens driuw
Benypt, ferslein fan herten,
Kermje ik, o Heare, oan Jo!

Myn siele wachtet jimmer
Lyk wachters op 'e moarn.

II. It is in benaude frage, dy't de lju fan Seïr hjir foarhâlde oan Jesaia, en sjoch no, it is in treastleas antwurd, dat er harren mei nei hûs ta jout.

Want, seit er: 'De iere moarn is kaam en noch is it nacht.'

Dat liket wol in riedsel, dit antwurd. Ieremoarn en lykwols nacht? Hoe is dat no te ferstean? De bliere sinne kin wer skine, en lykwols bliuwt it swarte roukleed fan 'e nacht oer it ierdryk lizzen?

Wat hat dat no te betsjutten?

De profeet wol der dit mei sizze, dat der gjin dage komt foar elts dy't him net bûcht foar God en Syn Wurd.

Dizze ynweners fan Seïr hawwe wol har boaden stjoerd nei Gods profeet mei de frage: 'Wachter, hoe let is it yn 'e nacht?' mar dat dienen se allinne út nijsgjirrigens en bygelovigens, en net om harren earbiedich del te jaan ûnder Jehova, de God fan Israël.

Jesaia wie foar harren net de tsjinstfeint en wierheidssprekker fan de ienige en wierachtige God Jehova, mar oars neat as in wiersizzer, in wiersizzer lykas oare heidenen ek hienen, mar dan in tige romroftich wiersizzer. Mar dizze wiersizzer seit harren dan no ek ris tige de wierheid.

Ja, it is moarntiid en dochs is it noch nacht. Woenen jimme sa graach dat der in ein kaam oan dy tsjustere nacht fan lijen en fertriet dêr't jimme yn ferkeare? No dan, it moarnsljocht riist al oan 'e kime - mar lykwols is it ek fuortdalik wer nacht.

En sa as de profeet it sei, sa is it ek gien. Siet Edom yn 'e benaudens ûnder it swiere jok fan Assur, noch wie dizze benaudheid net oer of in oare benaudheid kaam opsetten. Want doe't it mei Assurs hearskippije út wie, kaam de tiranniye fan Babel. It waard moarn, mar ek aanstens wer nacht.

En sa gyng it ieuwen troch. Want op Babels macht folge dy fan Perzië. Op dy fan Perzië folge de macht fan Masedoanië. Op dy fan Masedoanië, de macht fan Rome.

Ider kear as wer de moarntiid oanbriek fan ferlossing en frijdom, wie de nacht fan lijen en slavernij ek al wer kaam.

De lytse folkjes wienen altyd ûnderlizzende partij en koenen mar net út 'e knipe komme. It wie har lot om net fan 'e nacht yn 'e moarn, mar fan 'e nacht op 'e nij wer yn 'e nacht te reitsjen: 'De ieremoarn is kaam en noch is it nacht.' - Dat is ek it lot fan sa mannich folk yn ús tiden - it giet fan it iene lijen yn it oare - it giet fan 'e nacht yn 'e nacht. Dat kin net oars, salang't de sûnde hearsket en salang't ider folk, ek dy lytse, as eigen hear en master God ferlitte en Him ferjitte.

It oarlogen is wol in heislik ding, mar it is de natuerlike frucht fan de minsken har eigen kwea en

sûnde. Salang't ider minske God net siket, mar himsels, salang't de iene minske mei ôfgeunst oansjocht wat de oare mear hat as hy, salang sille gânske folken en keninkriken dat ek dwaan en salang sil der oarloch bliuwe, salang sil it iene folk prebearje it oare folk plat te wâdzjen. En fansels foaral foar lytse folkjes wurdt it dan noait gjin moarntiid. Oer sokken bliuwt altyd it roukleed fan 'e nacht lizzen. Wurdt it moarntiid, trochdat de boppelizzende partij wer ûnder rekket, in oare faak noch gefaarliker macht stiet ree om no ek ris oer de lytsen te hearskjen. En sa giet it fan 'e iene wetterwiel yn 'e oare. Want dy't God ferlit, hat smert op smert te wachtsjen. En ek oan al dy benaude fregers yn ús tiden, dy't oars net piele mei God en Syn tsjinst, mar no Gods Wurd graach brûke wolle as in soarte fan wiersizzersboek, kin ta'n antwurd jûn wurde: Gjin sinnestriel fan frede en lok sil jim beskine, salang't jim ôfkearich binne fan God en Syn Kristus. Op dizze oarloch kinne noch slimmer oarloggen folgje. En sa gau sil de ieremoarn net oer jim lân en libben komme, of de nacht fan it lijen en fertriet sil der wêze. Gjin dage, foar dy't net sprekt nei God en Syn Wurd.

III. Dêrom jout Jesaia no behalven dit treastleas antwurd, ek noch in wize ried mei oan dy boaden út Seir. Hy seit: 'Ha jim wat te freegjen, freegje, kear werom, kom.'

Dizze ried hâldt yn, om wol Jehova te freegjen as de ienige en wierachtige God, mar dan harren ek ta Him te bekearen en dan sa ta Him om ljocht en treast te kommen. Want al kin de profeet harren gjin tasizzing dwaan fan in blide moarntiid fan frede en wolfear, dêrom is der wol in moarn, en wit er wol de wei om ta dat moarnsljocht te kommen. Ja, de fromme Godsman wit hoe't it tsjinjen fan Jehova nei syn Wurd troch Messias, de Man fan Smerte (Jes. 53) liede sil ta it ljocht fan in ivige moarn.

Dêrom seit er: 'Ha jim wat te freegjen, freegje, kear werom, kom!'

En bekearing ta God! - dat is ek de ropstimme dy't yn dizze dagen komt ta ús en alle folken.

Wy sitte yn tsjustere nacht en der wol mar gjin moarnsljocht komme - en dat sil der ek net komme, as wy en alle folken harren net bekeare ta God.

En wy witte it tige skoan, dat al dy't wiis en grut is yn eigen each, hjirom laket: bekearing ta God te easkjen - yn in oarloch dêr't safolle politike fragen oan fêst sitte - och, ja, dat heart men fan prekers dy't fier har tiid beneft binne.

Mei godstsjinstige fragen oan te kommen - yn in striid fan 'e grutten en machtigen yn dizze wrâld - ei, it is al te ûnnoazel.

En dochs - is it gjin wierheid, leit yn 'e bekearing ta God net de oplossing fan alle fraachstikken? As wy ús dat ris goed foar it ferstân bringe koenen wat dat wêze soe - alle folken - alle minsken, lyts en grut, heech en leech, geleard en ûngeleard, keizers en ûnderdanen bekeard ta God, fijannen fan it kwea, freonen fan it goede, har wegen hâldend nei Gods Wurd en wet, wanneljend yn 'e fuotleasten fan Kristus - heilige en bestjoerd troch de Geast fan Kristus - soe it dan net út wêze mei alle haat en niid, mei alle oarloch en kriich?

Wolle de wize lju fan 'e nijerwetske tiid de oarloch út 'e wrâld hawwe troch geleardens en beskaving - wy hawwe no foaral fan soks gjin ferwachting mear - mar al soe der noch wat fan te ferwachtsjen wêze, mei folle mear rjocht kinne wy folhâlde, dat allinne bekearing ta God betterskip oanbringe sil.

En dêrom jildt ek foar ús persoanlik, wat Jehova hjir easket: Freegje God, en bekear jimme ta Him. Bliuwe wy as bekearden dan mar och sa'n lyts keppeltsje tsjinoer de grutte mannichte dy't de spot driuwt mei de tsjinst fan God, dat is neat, wy hawwe dan dochs frede foar ús siele, al libbet de gânske wrâld ek yn ûnfrede, út- en ynwindich beide.

Foar ús sil dan ek it ljocht skine fan in ivige moarn, no net, mar dochs hjirneimels.

Want binne wy wer it folk fan God, dan is Hy ek wer de God fan ús.

En is Hy ús God, dan binne wy feilich.

Is Hy ús God, dan is it ús ljocht.

Sels sprekt er ús dan ta:

Gean wol te moed troch 't yslik dal;

Dêr't skaad falt fan 'e dea.
Ik wit dat paad, Ik bin by jim.
Jim docht de hel gjin skea.
Skien alles ûnderst-boppe fleach
En 't berchtme yn see fersonk,
Waard d' ierde ek út har baan ferkeild,
Ik bliuw jim feilich honk.
Gods bûn stiet fêster as it swurk,
Dat is ús ien'ge rêst.
En wachtet Er, Hy wit syn tiid,
Hy komt, Hy komt foarfêst.

Dan sil de nacht net langer duorje, mar de ieremoarn brekt oan yn it ivich ljocht fan Goades Soan.